It twadde foarbyld fan ynformaasje dy't fanwegen bliuwe kinnen hie, stiet op side 68 en dêrby noat 258. Op de side wurdt de Jorwerter notaris Sjoerd van der Hem neamd, mei de oerstallige oanfoling dat dy troch Geert Mak lanlik bekend wurden is. Yn de noat wurdt ferwiisd nei de oanbelangjende side yn Mak syn *Hoe God verdween uit Jorwerd*. Op dy side wurdt nammers oars neat oer heit en soan Van der Hem sein as dat dy in notariskantoar yn dat doarp hienen.

It tredde foarbyld fan ynformaasje dy't better weilitten wurde kinnen hie, is te finen op side 130. It jout nammentlik gjin foech dat út resinte argiven wei ferklopt wurdt dat der yn it bestjoer fan de vNAL betinkingen wienen oer de kandidatuer fan D.IJ.W. de Graaf-Nauta foar de Notaris Wolter Nijenhuispriis, in priis foar it bêste juridyske wurkstik, ynsteld troch de vNAL. By einsluten is de priis dochs útrikt, mei neffens de auteur 'de nodige kosten'. Besteane der wol priisútrikkingen sûnder kosten? Mei it tal útrikkingen fan de priis wurdt nammers rûch yn it boek omsprongen. Op side 130 stiet nammentlik dat de priis yn 2004 foar it lêst útrikt is. Op side 152, de lêste tekstsider fan it boek, wurdt lykwols ûnterjochte de suggestje wekt dat de priis foar it lêst yn 2000 útrikt is.

Hiel spitich foar it boek is, dat sokke sleauwichheden net de iennichste ûnkrektichheden binne. As justjes mear flyt dien wie op it printree meitsjen fan it hânskrift, hienen der hiel wat misserkes útkeard wurde kinne. De neikommende foarbylden binne inkelde út myn lange lange list fan steurende flaters: 'om het notariaat uitoefenen' ynstee fan 'om het notariaat uit te oefenen' (side 15), 'zittende' mei in 't' tefolle (side 52), yn noat 258 twa punten oan de ein fan in sin en yn noat 436 wurdt de titel fan it *Juridisch Woordenboek Nederlands-Fries* net sûnder wryt of slyt oanhelle. Wat de rûge korreksje wol hiel bot yllustrearret, is hoe't omgien wurdt mei de ôfkoarting fan de VNAL: dy komt foar mei en sûnder punten of mei mar ien punt en dêrby oantekene dat op deselde side ferskillende farianten foarkomme kinne. Steurend is ek dat Feenstra, oars as wat notarissen trou wol dogge, gâns plaknammen yn Fryslân lang altyd net neffens de goede foarm werjout.

Spitich is ek dat it boek net altyd like flot skreaun is. Sinnen rinne gauris net linich of troch ferkeard kommagebrûk krijt de sin mooglik in oare betsjutting as bedoeld. In foarbyld dêrfan is de sin 'Holland kreeg in 1525 een verordening, die voorzag in enig overheidstoezicht op de notarissen in dat gewest' (side 14). Krige Hollân doe echt mar ien feroardering of waarden der mear skreaun? De kompakte sin 'In dit geval zal het oprukkende reformatorische gedachtengoed de uitleg van het oude woekerverbod hebben verruimd' (side 19) wurdt yn de kontekst fierder net taljochte, sadat de lêzer dy't net wit wat mei dat 'reformatorische gedachtengoed' bedoeld wurdt mei fraachtekens sitten bliuwt. De ferwizing mei in noat nei literatuer dêroer jout gjin antwurd op syn fraach.

De ynformaasje dy't jûn wurdt is nammers net altyd betrouber. Sa is op side 99 te lêzen dat notaris Klaas Bijlsma (1890-1975) as de útfiner fan it Fryske eigenskipswurd 'bjusterbaarlik' jildt, mar frij ienfâldich is yn it *Wurdboek fan de Fryske taal / Woordenboek der Friese taal* (Ljouwert 1984-2011; www.inl.nl) op side 331b fan diel 2 nei te gean dat de âldste atestaasje fan it wurd neffens de wurdboekkartoteken fan de Fryske Akademy al yn it tydskrift *Iduna* fan 1866 foarkomt en optekene is fan de hân fan Hjerre Gjerryts van der Veen.

By it boek is sûnder fierdere taljochting (!), mar wol mei in ôfdruk fan in net-datearre artikel út foar it neist (it digitale argyf) fan de *Leeuwarder Courant* op it achterste skutblêd, in film levere oer de sylwedstriid yn 1926. It is tige de muoite wurdich om de film te besjen. Hy jout in moai byld fan hoe't de 'notabelen' harren op sa'n syldei fermakken mei silen, iten en drinken. De bylden befestige it byld dat de trochsneed boarger fan notarissen hie, of faaks noch wol hat: hearen fan it goede libben. Dit boek wol neist in histoarysk oersjoch in byld sketse fan de persoan ach-

ter de notaris. Dat sil grif it motyf west hawwe om de cd-rom mei dizze film by it boek te leverjen.

It kreas útjûne boek oer de skiednis fan it Fryske notariaat is in weardefolle oanfolling op wat al ferskynd wie oer dy skiednis, want it jout gâns ynformaasje foar sawol wittenskippers as de ynteressearre lêzer. Nei alle gedachten is it boek yn in te krappe tiid skreaun, sadat der tefolle sleauwichheden, mar ek ûnkrachtichheden yn telâne kaam binne. Mei krekt wat mear finansjele stipe út de VNAL wei hie der ek in kreas tagonklik register op it boek makke wurde kinnen, want it is no wol in hiele toer en fyn de ynformaasje werom dy't men rynsk yn dit boek oantrefte kin.



Lammert Gosse Jansma (2010) Engelen in Oudehorne

Delft: Eburon (Diss. Rijksuniversiteit Groningen)

Piet Hemminga (Fryske Akademy)

Trijeëntritich jier nei't Lammert Jansma oan de Erasmus Universiteit Rotterdam promovearre, hat er dat oan de Rijksuniversiteit Groningen nochris dien. Doe yn de sosjale wittenskippen op it proefskrift 'Melchiorieten, Munstersen en Batenburgers: een sociologische analyse van een millenaristische beweging uit de 16 eeuw', no yn de fakulteit Godleardens en Godstsjinstwittenskip en op in ûndersyk mei in aardich wat koarter titel en krekt seis siden minder as yn 1977. De omfang fan de twa stúdzjes is lykwols net hielendal mei-elkoar te ferlykjen, om't net allinne boekformaten en bledspegels of de lingte fan de titels fan elkoar ferskille, mar de nijste publikaasje ek mar leafst fyftich siden foar mei-elkoar 682 trochtellende einnoaten telt. In grutter ferskil is lykwols, dat it ûnderwerp fan de stúdzje moai wat tichter by hûs fûn is, sawol yn tiid as yn romte, as dat fan 1977.

It stiet de Feanwâldster godstsjinstsosjolooch (Donkerbroek, 1943) te priizgjen dat er syn profesjoneel omtinken rjochte hat op in ferskynsel as de Sonja-beweging, sa't dy sûnt 1987 thús is yn Aldhoarne. Dy beweging hat him sûnt de earste helte fan de tachtiger jierren fan de foarige ieu ûntwikkele om de persoan fan Sonja de Vries (op 20 desimber 1944 as Sjoerdje Schaafsma berne yn Ljouwert. Hja is foaral bekend wurden as Sonja de Vries, mar tsjintwurdich neamt se harsels Lhyza) hinne. Mei syn stúdzje hat Jansma him holden oan syn sizzen fan 14 juny 1986, doe't er op in stúdzjedei fan de Fryske Akademy pleite foar ûndersyk nei lytse religieuze bewegings yn Fryslân. De Sonja-beweging is boppedat nijs-gjirrich, sa skriuwt Jansma, om't dy syn oarsprong noris net yn it bûtenlân hat, lykas de measte nije religieuze bewegings yn de twadde helte fan de foarige ieu, mar it begjin hat yn 'de inspiratie van een profetes die in Leeuwarden is geboren, die haar aanhang vooral uit het Noorden van Nederland recruteert en die zich bovendien expliciet presenteert als een Christelijke groepering' (s. 19).

Jansma syn stúdzje begjint mei in 'Woord vooraf', folge troch de ynliding en probleemstelling. Dêrnei folget in haadstik oer it aard en it ynrjochtsjen fan it ûndersyk. Trije haadstikken binne fierders nedich om respektivelik de skiednis fan de beweging, de organisaasje en gearstalling fan de beweging en it oansluten by, it lid-wêzen fan en útstappen te beskriuwen. It sânde haadstik is in slotskôging. De stúdzje beslút mei in

Ingelsktalige gearfetting, it al neamde wiidweidige noate-apparaat en in literatueroersjoch. It meast wiidweidige haadstik is mei 94 siden dat oer de organisaasje en gearstalling fan de beweging. Jansma skriuwt, by it begjin fan dat haadstik, mei kompassy, mar tagelyk hiel opmerklik foar in proefskrift: 'Het doornemen ervan zal mogelijk enige extra inspanning van de lezer vragen' (s. 67). Hawar, datselde haadstik telt ek trije fan de mei-elkoar sân yllustraasjes yn it boek en dat jout fansels suver efkes lins. Under dy yllustraasjes is û.m. in al wat âldere loftfoto fan de moai yn it grien lizzende ûnderkommens fan frou De Vries-Schaafsma en har oanhing.

Jansma stelt him ta doel om de beweging, dy't tsjintwurdich 'Uit de Bron van Christus' hjit, te beskriuwen en nei te gean wêrom't yn dy beweging om Sonja de Vries hinne 'een hoge mate van institutionalisering' ûntstien is (s. 18). De ûndersiker wol sicht krije op de religieuze en kulturele opfettings fan de groep en tagelyk neigean oft dêr ek aspekten yn te finen binne dy't in soad, of mooglik alle, minsken yn de hjoeddeiske tiid reitsje, en benammen oft der ek in teodisee fan de risikomaatskippij yn te ûntdekken is. In teodisee is in rjochtfeardiging foar it leauwe yn it bestean fan God, dy't én goed én almachtich is, wylst der dochs safolle kwea en lijen yn de wrâld is.

It twadde haadstik makket dúdlik wat de ûndersiker dien hat om syn wittenskiplike nijsgjirrigens (s. 10) te befredigjen. En dat is net sa'n bytsje as men lêst dat er al sûnt de midden fan de tachtiger jierren materiaal sammelet en fraachpetearen hâldt, om fan 1998 ôf it ûndersyk út te wreidzjen. Sa waarden mar leafst fyftich saneamde iepen jûnen fan de beweging besocht. Jûnen dêr't de ûndersiker bûten de al besteande oanhing, faak de iennichste taharker wie (s. 149). Twa seizoenen lang waarden fierders moannelêzings en bibeljûnen bywenne en alle wiken in apostellêzing besocht. As men dat lêst, kriget men suver begrutsjen mei de ûndersiker, ek al om't de fraach opkomt, hoe doelmjittich oft sok dwaan west hat. It falt fierders op, dat de ûndersiker mar ien kear Sonja sels fragen foarlein hat. Har man, Marcus de Vries, waard trijeris ûnderfrege. Tritich groepsleden waarden ûnderfrege, fjirtich ynformele petearen waarden hâlden en in inkeld groepspetear waard hâlden. Dêroerhinne waard in lyts tal petearen mei eks-leden en kaaifigueren út Ald- en Nijhoarne hâlden. En de skriftlike útjeften fan de beweging waarden bestudearre. Jansma liket benammen tankber gebrûk makke te hawwen fan it Kontaktblad fan de beweging, dêr't mar leafst in lytse trijehûndert noaten nei ferwize.

Yn de stúdzje sitearret Jansma ingels dy't fia de stimbannen fan Sonja en Marcus de Vries sprekke, allerhanne rie jouwe of sels kwalen oerbetterje litte. Soks komt men by myn witten net in soad tsjin. It docht suver tinken oan wat yn de psykiatry bekend stiet as in multiple

persoanlikheidssteuring. Jansma, dy't de beweging fan Sonja mei in godstsjinstsosiologysk paradigma besjocht, skriuwt it sprekken fan ingels sûnder problemen allegear op. Hoewol, op side 27 lit er witte dat soks noch net sizze wol dat er yn de boppenatuerlike oarsprong fan it boadskip fan Sonja of Marcus de Vries leaut, mar dat er de boppenatuerlike oarsprong fan it boadskip ek net útslút. 'Als wetenschapsbeoefenaar houd ik alle mogelijkheden open.' Dat stiet my krekt wat minder oan as wat de yn Ljouwert berne psychiater F.J. Tolsma yn syn, yn 1945 ferdigene Grinzer proefskrift, opmerkt: 'De communicatie met de geestenwereld hoeft niet a priori verwerpelijk geacht te worden, iets anders is of we het geloven'.¹ Dat stânpunt makket it Tolsma mooglik om kritysk-empirysk ûndersyk te dwaan, wylst Jansma syn sizzen feitlik ôfbrek docht oan syn posysje as empirysk wittenskipper. Mooglik hat it syn tagong ta de beweging befoardere, mar foar de net ta dy beweging hearrende lju set it earder de nedige wittenskiplike objektivens fan de ûndersiker ûnder druk.

Jansma hat it yn syn boek (s. 27), krekt mei it each op it foargeande net sûnder belang, oer de partijigens dy't him oanwreaun is nei in earder stik fan him oer de resepsje fan de beweging yn Aldhoarne. Neffens Jansma giet it him krekt om 'een andere, neutrale interpretatie van de relatie tussen beweging en omgeving' (s. 27). No kin elke beskriuwing as in fertekening yn tsjinst fan de wierheid sjoen wurde, mar yn myn eagen kriget Jansma syn stribjen ûnfoldwaande syn gerak, om't er him justjes tefolle ta de persepsje fan Sonja en har folgers beheint en te min omtinken hat foar in mooglik oare kant fan itselde ferhaal. In foarbyld fan sok dwaan en litten is it kwalifisearjen fan de berjochten oer Sonja c.s. yn de media. Jansma kwalifisearret dy berjochten oer de beweging yn de media as 'sensationeel'. Tagelyk makket er dyselde berjochten ta oarsaak fan de kâlde ûntfangst fan de beweging yn Aldhoarne (s. 40). Der wurdt lykwols net dúdlik makke op hokker grûn of mei hokker kritearia sokke berjochten oer de beweging as negatyf en sensasjoneel kwalifisearre wurde kinne. Jansma makket soks feitlik net dúdlik, of it moat al wêze dat er de miening fan de beweging oer in televyzje-útstjoering fan de TROS ta sines makket (s. 39). Dat giet my lykwols krekt even te maklik. Sels ha 'k nochris even sjoen nei de tweintich krantekoppen dy't de Leeuwarder Courant yn de tachtiger en njoggentiger jierren oer de beweging ôfprinte hat. Ik bin gjin inkelde sensasjonele kop, yn de betsjutting fan in flink útheljen of in danich ferskil tusken it beskreaune feit en de tekst fan de kop, tsjinkommen. 'Geen vergunning voor verbouw boerderij Sonja de Vries', 'Bottenbleij waarschuwt weer voor Sonja', 'Toch muur voor Sonja de Vries', 'Profetes Sonja laat engel bij crematie spreken', of 'Kerkeraad verbiedt Sonja-aanhangers in kerk te komen', lykje my earder

nochal beskieden en suver dimmen ta. Jansma giet yn dit stik fan saken trouwens foarby oan wat, neffens mear as ien ûndersyk, de ynfloed fan de media op de publike opiny is of wêze kin.

En wêrop fundearret Jansma syn opiny oer de hâlding fan Aldhoarne foar de sekte oer? Hy skriuwt dat it kontakt fan de beweging mei it doarp stroef ferrûn (s. 41 e.f.). Dat is basearre op de persepsje fan Sonja c.s., mar wat fynt en fûn it doarp derfan? Jansma hat mei in inkelde 'kaaifiguer' praat, mar ik wit net oft dat foldwaande is om de opiny fan it doarp boppe wetter te krijen. Wat oars is de fraach hokker doarp oft op it delstriken fan de iene of oare sekte wachtet. Ik wol net leauwe, dat Ald- en Nijhoarne dêr in útsûndering op makket. Yn it algemien hoege sokke nijkommers wier net op in waarme ûntfangst te rekkenjen, hoe fleurich oft it boadskip yn de eagen fan de boadskipbringers sels ek is. Boppedat is it de fraach hoefolle minsken har wier oer in beweging as dy fan Sonja drok meitsje. De measte minsken steane der frijwat ûnferskillich foaroer. En it dochs al net bot tsjerklike Ald- en Nijhoarne sil dêr net oars yn wêze. Jansma giet dêr oan foarby en hâldt it op de ôfstanlike opstelling fan de tsjerken en de berjochten yn de media (s. 60), as reden dat de ynwenners fan Aldhoarne gjin belangstelling foar de nije ynwenners toanden.

Sonja fynt it mar frjemd, dat de doarpsbewenners net mei man en macht mei har yn de kunde komme wolle (s. 41). Dat is lykwols ek krekt wat minder frjemd, as men de argewaasje betinkt, dy't sa'n *gated community* yn Aldhoarne, krektlyk as dat op oare plakken it gefal wêze soe, opropt. It troch de groep sels keazen isolemint, it ôfsluten foar de neiste omkriten en de fierdere wrâld oer, past lykwols moai yn it by-elkoar-hâlden fan de groep. Jansma merkt dat lykwols net op. En dat wylst Lewis Coser dêr sawat fjirtich jier ferlyn al op wiisd hat. De oanhingers fan sekten moatte ommers net troch eksterne ferbinings yn de ferlieding brocht wurde of tajaan oan de ûndeugd fan de autonomiteit, sa hat Coser doe ûnder mear skreaun.² De kweadens fan de bûtewrâld is in betingst, om as sekte te oerlibjen. De wurdearring fan de skriuwer foar it oanbrochte stek: 'een sierlijk smeedijzeren hek,' docht net fuortendaliks tinken oan it op ôfstân hâlden fan opslûpen jonkjes. Om dêrnei sûnder in kromke skepsis op te merken, dat it stiennen paad yn in patroan lein is, dat troch de ingels ûntwurpen is (s. 68).

Jansma skriuwt fierders, dat de pleatslike jongerein de soan fan Sonja en Marcus de Vries pleaget, en 'ook andere confrontaties deden zich voor. Jongeren uit het tweelingdorp begingen verschillende vormen van vandalisme en pesterijen, zoals het gooien van bierflesjes op de oprijlaan'. Fandalisme is hiel wat oars as it smiten mei bierfleskes, mar dat is fierders net fan belang. Peste komt faker foar as it om nijkommers yn in doarp giet. Mar yn dit gefal liicht de reaksje fan de nijkommers

der net om. De beweging fredet it hiem ôf mei in hage, muorre en stek (ss. 41, 42). Boppedat wurdt it eigen stee nachts en deis bewekke troch de oanhing fan Sonja, dy't soks yn wikseljende tsjinsten opdroegen kriget. Ik freegje my ôf oft it begryp dat Jansma ymplisyt foar sokke maatregels op liket te bringen, syn neutrale hâlding stipet.

Mei dyselde foar de beweging oer wol hiel minlike oanpak skriuwt Jan-sma dat de media dan wol withoefaak de beweging as dreech benei te kommen beskriuwe, mar dat de praktyk hiel oars is (s. 23). Dat soe skoan kinne, mar dat nimt dochs net wei dat kamera's en kûgelfrij glês yn de ruten, sa't ôffallige Lydia Bierma beskreaun hat, net earlik gewoan binne yn Aldhoarne. De dokumintaasje dy't Lydia Bierma yn 2008 oer de beweging útbrocht hat, is trouwens net troch Jansma yn syn stúdzje brûkt.³ Op side 53 fan syn boek wurdt it hâlden en dragen fan in (oar) eks-lid fan de sekte beskreaun, mar har beskuldigings oan it adres fan de sekte liede net ta in kritysk ûndersyk troch Jansma. En dat alles soarget derfoar dat de neutralens fan de ûndersiker, sa't it op my oerkomt, krekt wat minder fier giet as wat yn in wittenskiplike stúdzje ferwachte wurde mei.

De beskriuwing dy't Jansma him ta doel stelt, kin net sûnder dúdlik te meitsjen wa't ta de beweging hearre of heard hawwe. Wa binne ree om it hiele eigen bestean en wêzen, om (alle) tiid en net te ferjitten jild foar in roppige organisaasje as dy fan Sonja de Vries yn te setten? Want roppich is de beweging en ek dat is in eigenskip dy't de hjirfoar neamde Lewis Coser al yn 1974 yn syn *Greedy Institutions* beskreaun hat. Coser jout in moai ynsjoch yn de wize sa't groepen as dy yn Aldhoarne beslach lizze op de lju dy't har oanslute. It proefskrift fan Paul Schnabel fan 1982: 'Tussen stigma en charisma', dat trouwens 'Sekte en gekte' as wurktitel hie, giet wiidweidich op de teory fan Coser yn, krektlyk as op de teory fan Lofland en Stark.⁴ Dy lêste brûkt Jansma wol en ek Schnabel wurdt oanhelle (s. 15). Dat makket it noch eigenaardiger dat Jansma de wurkwize fan Coser net brûkt hat. Soks hie syn eagen iepenje kinnen foar mear as ien aspekt dêr't er no oan foarby gien is.

Sa hie 'k bygelyks wat lêze wollen oer de finansjele kanten fan it hiele ûndernimmen yn Aldhoarne. De stichting 'Uit de Bron van Christus' hat ûnderwilens in hiel kompleks oan grûn en gebouwen en liket boppedat in tal lju, Sonja de Vries foarop, moai te ûnderhâlden. Hoe sit dat winliken? Hoe wurdt tocht oer sa'n, foar hiel wat sekten net ûngebrûklik, 'verdienmodel'? Ien kear, op de siden 137 en 138, giet it om it jild fan de beweging. De ponghâlder fan de beweging makket dúdlik, dat der tekoarten binne en dat de reserves, útsein dy foar juridyske bystân (!), ûnfoldwaande binne. Foar it mooglik meitsjen fan grut ûnderhâld, ik nim oan fan de gebouwen, wurdt de frije (sic) fêste bydrage mei tsien

euro yn de moanne ferhege. Dat is lykwols net genôch, dat in ienmalige ekstra bydrage wurdt ek op priis steld. Dy aksje leveret (fan de oanhing fan likernôch 200 minsken) dêrnei ek nochris in bedrach fan 200.000 euro op.

Om nei te gean hoe't de oanhing fan Sonja de Vries der útsjocht, wol de ûndersiker, hiel begryplik, in enkête nei de sosjaal-demografyske eftergrûn útfiere. Dat wurdt lykwols troch de beweging ôfwiisd, om't de ingels soks net fan belang achtsje. Dochs wit Jansma yn de rin fan de tiid yn syn (nei)petearen mei de ûnderskate groepsleden in byld fan dy oanhing te krijen. It docht bliken dat it grutste part fan de oanhing fia it 'pasjintesirkwy' by de beweging kommen is (s. 139). Jansma doelt dêrmei op de lju dy't by Sonja kommen binne, om fan ien of oare kwaan better te wurden. Fan de mei-elkoar sa'n 2000 à 3000 pasjinten dy't Sonja en Marcus de Vries yn de rin fan de jierren 'sjoen' hawwe, binne mids 2005 sa'n 200 minsken, harren bern faak ynbegrepen, by de beweging oerbleaun. Dat tal liket de lêste jierren wakker itselde te bliuwen. It grutste part fan de oanhing komt út (noardeastlik) Fryslân en hat foar fierwei it grutste part in tsjerklike eftergrûn, benammen yn de grifformearde tsjerke (s. 142). Dat is aardich om te witten, mar de ferklearing wêrom't krekt dy groep har ta Sonja de Vries oanlutsen fielt, wurdt net jûn. It fêststellen dat lju mei in religieuze eftergrûn earder foar in religieuze beweging iepen steane as minsken dy't dy eftergrûn net hawwe (s. 167), ferklearret noch net wêrom't krekt synodaal-grifformearde út noardlik Fryslân har ta de Sonja-beweging oanlutsen fiele. Ik soe my trouwens foarstelle kinne, dat net de oanlûkingskrêft fan de nije beweging, mar earder de tsjinsin yn de besteande tsjerke de trochslach jout. Hat by de populêre Frije Baptistegemeente Bethel yn Drachten trouwens ek net in meartal fan de oanhing in grifformearde en noardeastlik-Fryske eftergrûn? Spitigernôch lit Jansma dat aspekt en dy mooglikheid om ferlykje te kinnen, lizze.

Net elk bliuwt by de beweging: 'Er zijn (sic) in de loop van de tijd een aantal mensen afgehaakt, maar naar verhouding betrekkelijk weinig' (s. 189). Oan hokfoar ferhâlding de ûndersiker dêrby tinkt en om hoefolle minsken oft it giet en wêrom't dy Sonja c.s. achter harren litte, wurdt mar foar in part dúdlik makke. Jansma neamt as reden om de groep te ferlitten bygelyks, dat minsken genôch hawwe fan de blykber faker as ienris foarkommende konfrontearjende oanpak troch Sonja. Der binne ek minsken dy't troch de lieding fuortstjoerd wurde en guon dy't de frege ynset te swier fine. Ik hie dêr graach mear fan witte wollen, mar de bliuwers krije mear omtinken. Dy wurde net allinne konfrontearre mei in 'onheuse, soms vernederende' oanpak fan de kant fan Sonja, mar ek mei saken dy't as in wûnder kwalifisearre wurde. Sa krijt in lid it

foarelkoar om, neffens eigen sizzen, mei in hast lege benzinetank fan Aldhoarne nei Woerden te riden. Syn tinken, dat er mooglik troch ingels holpen is, kin letter yn Aldhoarne befêstige wurde (s. 177).

Sok ûntdûken fan natuerkundige wetten is in fermeits. In earnstiger oangelegenheid is lykwols it better meitsjen fan krupsjes en kwalen. It begjin fan de sekte leit op it lêst yn it better meitsjen fan minsken, dy't, sa is de analyze fan de beweging, lêst hawwe soenen fan in 'hormonale disbalâns'. Dat hat yn de eagen fan Sonja c.s. te krijen mei it hâlden en dragen fan minsken (s. 92). Nuodliker as sa'n disbalâns is, dat Sonja, benammen yn it begjin fan de beweging, ek oplossings hat foar beskate foarmen fan kanker (s. 225). Op side 74 jout Jansma in ferbjusterjend oersjoch fan de kwalen dy't Sonja allegear better meitsje kin. Allinne, de beweging is wol sa juridysk tûk, om de gong nei de reguliere genêskunde net te blokkearjen. De ingels steane Sonja fierders net ta om immen oan in nij lichem ('stoflijf') te helpen (s. 93). Dat liket my ek mar better ta, want yn dat gefal soe Aldhoarne grif te lyts wêze om de tarin noch oan te kinnen.

Tsjintwurdich liket it foaral te gean om it jaan fan min ofte mear eigenaardige foarskriften, dy't jin faker as ien kear Klazien út Zalk yn 't sin bringe. Sa neamt Jansma it foarbyld fan in jonge fan sechstjin, dy't twa jier lang deis tritich aaien ite moast en dêrnei noch seis jier lang op syn minst seis aaien deis (s. 97). Kofje en brune bôle binne fierders yn it algemien ferkeard. Sa soe kofje ta loslippigens liede en op 'en doer it brein oantaaste. En brune bôle skrabbet de terms út (s. 237). Abrikoazen en patat mei mayonêze skine wakker goed te wêzen, mar bûter, margarine, nuten, parren, sipels en prei wurde ôfret. In gleske wyn by it iten is lykwols ynoarder (s. 238). Fierders kriget ek de hygiêne it omtinken fan de selsbeneamde hielmasters, dêr't ûnderwilens ek de âldste soan fan Sonja en Marcus ta rekkene wurde kin, 'geïnspireerd door helpers van gene zijde' (s. 259). Ta de advizen fan de famylje De Vries c.s. heart ûnder mear de ried om in dweil dy't yn gloar útspield is, op de doarmatte te lizzen. Skuon moatte sawol fan binnen as fan bûten mei gloarwetter skjinmakke wurde. En by it binnenkommen moat der fuortendaliks hanwaske wurde. Boadskippen, boadskiptassen, bibleteekboeken en alle oare saken dy't it hûs ynkomme, moatte wosken of mei soadawetter ôfnommen wurde (s. 238). Dat liket my allegear net folle kwea te kinnen, hoewol: de al neamde Lydia Bierma lit witte, dat nei elke gearkomste de flier fiifris dweile wurde moat, respektivelik mei wetter, griene sjippe, soada, gloar en ta beslút nochris mei wetter.⁵ Dat is suver wat al tefolle fan it goede, soe men sizze, mar it is slimmer dat it dêr net by bliuwt. Ek fakânsje, houlik, opfieding, oplieding en berop, klean, wenningynrjochting en it omgean

mei oare minsken, ûntkomme net oan de roppigens, sis mar it totalitêre karakter fan de beweging (s. 239). De ingels hawwe sels witte litten, dat de famylje De Vries, fanwegen it lûd en de resonânsje, net yn in Dútske auto ride moat (noat 202). Jansma konkludearret dan ek net sûnder reden, dat 'de leer van de beweging sterk verweven is met het dagelijks leven' (s. 243). Mar dat sizzen makket net earlik dúdlik wat oft soks bygelyks betsjut foar de bern fan lju dy't by de beweging binne. Of de relaasjes tusken oanhingers en net-oanhingers, tusken lju dy't oergien binne en har famylje dy't dat net dien hat, of tusken de minsken oan de Bûtewei en de rest fan Ald- en Nijhoarne.

It foargeande liket my Jansma syn stribjen om dúdlik te meitsjen, dat it 'bij de meeste nieuwe religieuze bewegingen' – opmerklik, om't it yn it boek allinne om de Sonja-beweging giet - net om 'sektegekte' te rêden is, 'maar om mensen zoals u en ik' (s. 10), net echt foarút te helpen. It hat my ek wat fernuvere, dat Jansma al op side 15, mei op gesach fan de hjirfoar neamde dissertaasje fan Schnabel, opmerkt, dat sokke bewegings gjin gefaar foar de folkssûnens ynhâlde. Dy stúdzje is lykwols fan 1982 en ûnderwilens is it ien en oar bard, dat de ûnskuldigens fan sokke bewegings yn in wat oar deiljocht set. Jansma neamt yn ien sin wol de dramatyske barrens mei de People's Temple yn 1978 yn Jonestown en de de Branch Davidians yn 1993 yn Waco, mar giet, wat letter yn de tiid en tichter by hûs, foarby oan it deadzjen of selsdeadzjen troch leden fan de 'Ordre du Temple Solaire', mids njoggentiger jierren yn Kanada en Frankryk. Likemin neamt er it, yn gearhingjen dêrmei, yn 1996 troch de Belgyske Senaat ynstellen fan in parlemintêre ûndersykskommisje om de gefaren fan sekten foar maatskippij en yndividu nei te gean. Dy Belgyske kommisje kaam dêrnei mei in hiel ferskaat fan aaklike saken foar it ljocht en tagelyk mei in wetsútstel om dêr wat oan dwaan te kinnen.⁶

Hoewol't Jansma de ynstitúsjonalisearring fan de Sonja-beweging oertsjûgjend beskriuwt en ek de religieuze en kulturele opfettings fan de groep wiidweidich út de doeken docht, foldocht it ferslach yn syn hiele hear en fear hiel wat minder, om't de ûndersiker der ûnfoldwaande yn slagget om adekwaat stal te jaan oan syn 'andere, neutrale interpretatie van de relatie tussen beweging en omgeving'. De oanpak fan Jansma is, mei troch de wittenskiplike posysje en de ôfstân dy't er ta de beweging ynnommen hat, foar de beskreaune beweging oer ûnfoldwaande kritysk en te meigeand. Dat er de teory fan Lewis Coser en dy syn omtinken foar de roppigens fan sokke bewegings, lizze litten hat, docht fierders ûnderstek oan syn stúdzje. De Sonja-beweging hat trouwens sels ûnderwilens witte litten har net yn it troch Jansma sketste byld werom te kennen. Der soenen tefolle priveesaken yn stean dy't sûnder kontekst

presintearre wurde. En guon gefoelsmjittige saken soenen ek net goed ferwurde wêze. Dat, foar de beweging is it proefskrift blykber net it wittenskiplik keurmerk wurden dêr't mooglik op hope wie.

De ûnfoldwaande ôfstân fan Jansma ta de beskreaune beweging, hat mooglik ek te krijen mei wat er op side 25 skriuwt. Dêr lit Jansma nammentlik witte, dat syn rol medio 2003 fan benammen observearjend partisipant feroare yn dy fan partisipearjend observant. Mooglik dat soks nedich wie om de tagong ta it hiele barren yn Aldhoarne te krijen en te hâlden, mar foar it ûndersyk hie it grif better west om de partisipaasje wat minder en de observaasje wat mear syn gerak te jaan. Dat alles nimt net wei dat Jansma syn kreas troch Eburon útjûne boek in nijsgjirrich en bytiden ûnbedoeld fermaaklik, mar ek treurich meitsjend ynkykje jout yn it bestean fan in fermidden dat fier fan my ôfstiet. By it lêzen fan de wederwarichheden fan de Sonjabeweging moast ik faker as ien kear tinke oan in sizzen fan Maarten 't Hart: 'Het menselijk vermogen om zelfs de ongeloofwaardigste zaken klakkeloos en onbekommerd te aanvaarden is schier onbegrensd.'⁷

Noten

1. F.J. Tolsma, *Inductie, religieuze groepsvorming en godsdienstwaanzin*, Noord-Hollandsche Uitgevers Maatschappij, Amsterdam, 1945, 25.
2. Lewis A. Coser, *Gulzige instituties*, Van Loghum Slaterus, Deventer, 1978, 114 (Nederlânsktalige oersetting fan: Lewis A. Coser, *Greedy Institutions*, The Free Press, New York, 1974).
3. Lydia Bierma, *Uit de bron van Christus? Een sekte doorgelicht*, Dronten, 2008.
4. Paul Schnabel, *Tussen stigma en charisma*, Van Loghem Slaterus, Deventer, 1982, 154-175.
5. Lydia Bierma, *Uit de bron van Christus? Een sekte doorgelicht*, Dronten, 2008, 21.
6. Belgische Senaat, 2004-2005, 3-1277/1.
7. Maarten 't Hart, *Wie God verlaat heeft niets te vrezen*, De Arbeiderspers, Amsterdam/Antwerpen, 1997, 43.



Johanneke Liemburg (2010) Fedde Schurer. Biografie van een Friese koerier

Ljouwert/Leeuwarden: Friese Pers Boekerij bv

Joke Corporaal (Groningen)

Ferstoffe ikoan

‘Wolris fortretlik’. Dat wie it neffens Fedde Schurer (1898-1968) yn 1963 – it jier dat er mei pensjoen gie – om yn de Twadde Keamer altyd mar wer it stânpunt fan in minderheid út te dragen (LC 13 july 1963). In grutte fraksje koe saken foarinoar bokse, in ienling net. ‘Fortretlik’ wiene om dyselde reden ek syn lêste jierren. Schurer wie in ikoan mei in dikke laach stof wurden, mar hie dat sels net yn ’e rekken. Ut grutskens wegere er yn datselde jier út de redaksje fan it literêre moanneskrift *De Tsjerne* (1946-1968) te stappen. ‘Snotnoazen’, dat wiene de jongere skriuwers fan it konkurrearjende blêd *Asyl*, dy’t kritek doarden te spuien op Eeltsje Boates Folkertsma. Yn it konflikt dat folge, stelden ek freonen lykas Douwe Tamminga Schurer teloar. Muzikant Roel Slofstra begriep him wol en woe syn ferskes sjonge. Hy krige der folle sealen mei. Neffens Schurer syn biograaf, Johanneke Liemburg, yn it hjir te besprekken boek, wie it it lêste sukseske fan de man dy’t in bytsje tragysk wurden wie, om’t er wend wie om yn de *spotlights* te stean. Schurer hat Slofstra syn sukses krekt net mear meimakke. Hy stoar, doe’t er begûn wie om syn libbensferhaal op te skriuwen. It lêste papier siet noch yn de typmasine; hy wie net fierder kaam as healwei de fyftiger jierren.

Dat byld fan Schurer, as in wat idele, tige garismatyske en úteinlik tragyske figuer, sprekt net allinnich út de lêste haadstikken fan Johanneke Liemburg har dissertaasje *Fedde Schurer. Biografie van een Friese koerier*, mar ek út oare resinte publikaasjes, lykas Trinus Riemersma syn *Hoe binne de helten fallen* (Frjentsjer, 2006) en myn eigen biografy fan Wadman *Grimmig eerlijk* (Ljouwert, 2009). Net ferwûnderlik, om’t dy boeken har rjochtsje op de minsken dy’t it opnamen tsjin Fedde Schurer doe’t dy’t al ‘arrivé’ wie, tsjinstanners dy’t der boppedat in hiel oare literatuer- en libbensopfetting op neihâlden. It mei dúdlik wêze: de reputaasje fan Schurer is de lêste desennia oan it ôfbrokkeljen. Ik wie dêrom foarôf tige benijd hokker byld oft Liemburg dêr tsjinoer sette soe yn har Schurer-biografy.

Politikus

Liemburg hat har biografy opdield yn fyftjin haadstikken dy’t trochinoar elk sa’n 3,5 jier beslagge. Dêr binne in pear útsûnderingen op. De tiid oant Schurer syn njoggentjinde jier wurdt hiel koart beskreaun, yn

minder as tweintich siden (dêr't boppedat de helte famyljefoarskiednis fan is). En fierder is der krektoarsom in soad omtinken foar de jierren 1929/1930, 1946 en 1951/1952, dêr't trije aparte haadstikken oan wijd binne. It wiene respektivelik de jierren fan de Lemster skoallekwestje, fan it weromgean út Amsterdam wei nei Fryslân en fan Kneppelfreed. De fyftjin haadstikken sels binne wer opdield yn in stik of fiif subparagrafen, dat flot lêsbere stikken opleveret fan elk sa'n seis siden lang. De kar foar sa'n yndieling en foar in gronologyske opset, hat as foardiel dat saken maklik werom te finen binne en dat dúdlik is wat wol en net behannele wurdt.

Yn it grutste part fan Liemburg har biografy stiet de haadpersoan allinnich op de barrikaden. Schurer ferdigene syn miening en wierheden tsjin dy fan de mearderheid yn. Hy fjochte allinnich, sa wurdt alteast suggearre, yn de twa belangrike foarfallen dy't him lanlike bekendheid joegen en dy't hjirfoar ek al neamd waarden: de Lemster skoallekwestje (1929) en Kneppelfreed (1951). Yn rêstiger perioaden yn syn libben naam Schurer ek it minder foar de hân lizzende paad. Sa bleau er, mei útsûndering fan de Twadde Wrâldoarloch, in pasifist troch alles hinne (ek tsjin atoomwapens, doe't mar in minderheid yn de PvdA dat wie) en bleau er syn partij (earst de CDU, letter de PvdA) trou, ek al tocht er faak oars as it meastepart fan de partijleden. Om dy reden wie Schurer, ferrassend genôch, ek in tsjinstanner fan lytse partijen lykas de FNP.

De grutte winst fan *Fedde Schurer. Biografie van een Friese koerier* is dat it boek it minder bekende ferhaal fertelt: fan Schurer as populêr skoalmaster en links politikus, as (haad)redakteur fan *De Friese Koerier*, as man achter gâns brosjures en politikus yn de marzje fan de PvdA, mar ek as psalmberimer en skriuwer fan kristlik toaniel. Liemburg jout boppedat in goed oersjoch fan de polityk-histoaryske kontekst dêr't Fedde Schurer as politikus en as kranteman yn funksjonearre. Moai fûn ik yn dat ferbân de anekdoates dy't troch de tekst hinne struid binne, en dy't in lyts bytsje ynsjoch jouwe yn de minske achter it garismatyske masker. Neffens in tsjûge joech Schurer syn frou Wil bygelyks opdracht om him op te beljen as er earne sprekke moast. De hiele seal wist dan dat der telefoan foar de hear Schurer wie. Byldzjend is ek de beskriuwing fan hoe't Schurer op de redaksje fan de *Friese Koerier* oankaam: altyd hastich de trep op yn syn ivige lange jas, de tas stiif ûnder de earm. No't ik wit dat Schurer tusken 1946 en 1963 leafst trijetûzen haadartikels skreau foar *De Friese Koerier*, begryp ik boppedat ek better wêrom't er mar sa'n bytsje skreau foar it literêre tydskrift *De Tsjerne*. Al komt *De Tsjerne*, mei útsûndering fan in wiidweidige parafrase fan Schurer syn essee 'De bining forbrutsen', yn Liemburg har dissertaasje mar amper te praat.

Ek noch skriuwer

Liemburg jout ta, dat har ûnder it skriuwen fan har boek hieltyd dúdliker waard dat de persoan, de politikus en de skriuwer Fedde Schurer min te skieden binne (1.3). Se hat der lykwols dochs foar keazen om net syn skriuwerskip mar syn politike en sjoernalistike karriêre sintraal te stellen. Neffens my hie it hielendal net nedich west om te kiezen. Net allinnich om't jo gjin letterkundige hoege te wêzen om omtinken te jaan oan motivaasje, ambysjes, ynfloeden en literêre netwurken, mar benammen om't de ferhalen oer Schurer as politikus en oer Schurer as Frysk skriuwer inoar oanfolje. Schurer syn literêre en politike ambysjes hongen gear en wiene nau oan inoar besibbe.

Mei't Liemburg de klam leit op de politikus-yn-de-marzje en op de sjoernalist dy't Schurer west hat, komt syn skriuwerskip mar hiel sydlings oan 'e oarder. Sa sydlings, dat syn earste publikaasjes (in ynstjoerd stik yn it *Gereformeed Jongelingsblad* en syn debútbondel *Fersen*) as bysaken yn de rinnende tekst presintearre wurde. Wa't oan de ein fan it boek witte wol wat oft Fedde Schurer skreaun hat neist it wol neamde sjoernalistike en politike wurk, dy moat dat neisykje yn de bibliografy, dêr't foar in folslein oersjoch boppedat yn trochferwiisd wurdt nei de bibleteek-katalogus. Ut de bibliografy wurdt likemin dúdlik hoefolle bydragen oft Schurer levere hat oan de tydskriften dy't neamd wurde.

It oprjochtsjen fan it literêre tydskrift *De Tsjerne* bygelyks, wichtich foar de ûntjouwing fan de Fryske literatuer én de yntitúsjonalisearring fan de Fryske taal, hie begryplik makke wurde kind, troch te wizen op Schurer syn foargeande en folgjende politike aktiviteiten. Sa't al earder troch oaren opmurken is, wie it *Tsjerne*-programma 'De binig forbrutsen' gjin strang hantearre karbrief, mar in koersbepaling. In nij, eksklusyf, literêr tydskrift paste yn it stribjen om it kulturele imago fan de Fryske taal en de Fryske literatuer op te fizeljen. Oer dat ûnderwerp is eartiids al oer skreaun troch Anne Wadman, Jo Smit en Ype Poortinga en, mear resint, troch Babs Gezelle Meerburg, Goffe Jensma en Liesbeth Brouwer. Liemburg ferwiist frjemd genôch nei gjinien fan harren, mar folstiet mei de – safolste – parafrase fan it essee. Troch it stânpunt fan Schurer net te problematisearjen of te ferlykjen mei dat fan de oare redakteuren, bliuwt in belangryk part fan de kontekst fan *De Tsjerne* foar de lêzer ûndúdlik.

Om deselde reden is it spitich dat Liemburg mar sa'n bytsje omtinken jûn hat oan de yntroduksje fan oare skriuwers en harren plak yn it ferhaal fan de Fryske en/of de Nederlânske literatuer. Wa't net al yn de matearje ynfierd is, moat mar riede wa't ferskûl geane achter al dy skriuwersnammen dy't yn de rin fan it ferhaal neamd wurde. In pear koarte notysjes oer biografyske achtergrûnen en inkelde literêre

koördinaten, byneed allinnich de jierren fan berte en ferstjerren, hiene al in soad oer de ûnderlinge ferhâldingen dúdlik makke. Fan Wim Hijman en Fokke Sierksma bygelyks komt de lêzer allinnich te witten dat it skriuwers binne, net dat it beide *Podium*-redakteuren wiene. En ek net dat Sierksma yn Schurer syn eagen as ateïst in 'nihilist' wie. Anne Wadman wurdt ek mar amper yntrodusearre. Dat bart pas as Liemburg al oankommen is by 1953, it jier dat Wadman spul krige mei Schurer. Wurk fan oare Fryske skriuwers wurdt net neamd, wylst dêrfoar, krekt as foar in koarte gearfetting fan de ûntjouwing fan de Fryske literatuer, gjin nij literatuerûndersyk nedich west hie.

De kar om Schurer syn literêre warberens as bysaak te presintearjen, soarget der net allinnich foar dat de lêzer gjin dúdlik byld fan syn skriuwerskip krijt, ek it feroarjende literêre klimaat dêr't er as skriuwer en politikus warber yn wie, bliuwt dizich. Nei it lêzen fan Schurer syn biografy sjoch ik twa dúdlike reade linen. Neffens my leit de tragyk fan Schurer foar in grut part yn it feit dat hy yn *De Tsjerne* it paad romje liet foar it soarte fan 'moderne' Fryske literatuer dêr't er út seedlik eachpunt wei neat fan ha moast. En Kneppelfreed, terjochte analysearre as in tafallige kâns dy't Schurer maksimaal brûkt hat, bliket achterôf in feroaring yn de skiednis fan de Fryske Beweging te markearjen; de soarch foar it Frysk kaam yn 'e hannen fan in lyts ploechje amtners, net yn dy fan it folk, sa't Schurer graach ha woe. Dy ûntjouwingen meitsje it namste begrypliker dat er sa lulk wie doe't de direkteur fan ien fan de earste twatalige basisskoallen tastimming frege om wer ientalich Hollânsk wurde te meien.

Fedde Schurer op en út

Hoe't it ek kind hie, waard my dúdlik doe't ik yn *Fedde Schurer op en út* (1975) trije transkripsjes fan ynterviews mei de man lies. It earste petear, fan 1925, hie yn it wykblêd *Sljucht en rjucht* stien en wie optekene troch Douwe Kalma. It twadde wie fan 1949, mei Fokke Sierksma. It tredde petear wie hâlden yn 1964 en stie it jier dêrop yn *De kogel door de kerk*, in bondel fraachpetearen mei 'gewezen gereformeerden'. Liemburg hat alle trije teksten op mear as ien plak brûkt, mar doe't ik se sels yntegraal neilies, foel it my op watfoar prachtich trijelûk oft de teksten foarmje.

It petear mei Douwe Kalma, hâlden nei oanlieding fan it ferskinen fan Schurer syn earste dichtbondel *Fersen*, ferriedt dúdlik Kalma syn bewûndering foar syn freon, dy't úteinlik yndie útgroeie soe ta in gruttere ikoan foar de Fryske Beweging as hysels. Kalma foarsei al dat Schurer de Fryske Beweging altyd trou bliuwe soe.

Fjouwerentweintich jier letter wie Schurer te gast yn it radioprogramma fan Fokke Sierksma foar de Regionale Omroep Noord. Sierksma prate

mei Schurer, sa't er dat yn it healjier dêrfoar dien hie mei oare Fryske en Grinzer skriuwers, lykas Anne Wadman, Koos Schuur, Douwe Tamminga, Hendrik de Vries en Ype Poortinga. Hy frege Schurer likernôch nei deselde dingen as Wadman: wat tocht Schurer fan de Fryske Beweging en de literatuer, fan de taak fan de skriuwer yn de Beweging, wa wiene syn foarbylden en wat hie syn motivaasje west om skriuwe te wollen? It petear lit benammen sjen hoe't Schurer yntusken as autoriteit sjoen waard. Sierksma wie it as *Podium*-redakteur faak mei him ûniens, mar doarde as fragesteller allinnich te konstatearjen dat Schurer in 'estheet' wie: 'De jongeren in Friesland hebben zo nu en dan ernstige bezwaren tegen jouw min of meer romantische opvatting van het dichterschap.' Sechtjin jier letter, yn it petear foar *De kogel door de kerk*, joech Schurer, yn in hiel oare kontekst, it antwurd: 'Het leven is geen kopje thee of een sigaret waarvoor ik ook kan bedanken: het is een opdracht.' De trijehoeksferhâlding Douwe Kalma, Fedde Schurer en Fokke Sierksma (elk mei har eigen, wikseljende oanhingers), dât soe in moaie ynfalshoeke wêze foar it ferhaal fan de Fryske Beweging en de Fryske literatuer tusken 1920 en 1966! It hiele ferhaal fan de Jongfriezen dy't Schurer ta skriuwen oansetten, fan de kollaboraasje en it ferset yn de oarloch oant en mei de neioarlochske literatuerfernijjing, soe deryn passe. Want yn *Fedde Schurer. Biografie van een Friese koerier* komt dât ferhaal, dêr't Schurer in sintrale rol yn spile, nammentlik net út de ferve.

